

DE HAVENSBANK



April 2021

Posityf perspektyf

Rom oandacht foar

Floed

Omtinken?

Mathijs yn'e soos?

Wergea 600

Juster wie it feest

Ien, twa, trije

Rom baan yn Boazum

Ja, in reintonne

Ek noch fan it gas ôf

SZDRNZLL "Say What?"

Ik hie 't my nea sa realisearre, mar hoe moai is 't dat as jo berne wurde, dat de doetiidske jongerein it foar mekoar krige om in jeugdsoos fan 'e grûn te krijen, dêr't ik en withoefolle opslûpen jongfolk fanôf 1970 oant no ta (én litte we hoopje noch oan "het eind der tijden") in protte wille hân ha.

As broekskiterke by mem efterop de fyts en letter doe't ik sels fan "De Pôle" nei de buorren fytste, wie it earste dat ik tsjinkaam "De âld runestâl", sa't de jeugdsoos yn dy tiid ek wol neamd waard, as ik de beboude kom fan Wergea yn fytste. Meastentiids wie it der stil en tsjuster, mar somtiden wie der wat aksje. Jongerein, yn myn eagen doe al âlderein fansels, dy't mei in fervekwast as sokssawat in slach om it eardere Parochyhûs giene om de boel op te kreazjen en te ferbetterjen, of mei in glês/fleske kâld drinken "achter hûs" sieten te "verpozen".

Yn 1980 wie der in stik mear aksje, der kaam in grutte wite tinte yn it lân fan Jaap en Jehanne Kooistra tsjinoer de soos. De earste 10 jier SZDRNZLL wie in feit en dat moast fierd wurde fansels. De doetiidske youngsters hiene in heuse musical makke en útfierd. As 10 jierrich keardeltsje ha ik dêr fansels net it measte fan meikrigen, mar wat ik noch wol út eigen ûnthâld reprodusearje kin is it optreden fan de band en bêste bühne-act fan Nederlân op dat stuit "Vitesse" dy't yn 1980 in beskieden oeuvre hie. 2 jier letter kamen harren grutste hits "Rosalyn" en "Good Lookin". As prépuber hie ik dêr fansels noch gjin weet fan, mar we koene op "De Pôle" al meigenietsje fan harren muzyk. It wie moai waar en we sieten efter hûs yn de krekt troch ús heit boude sitkûle..... mar hawar, ik dwaal ôf.....

De jierren dernei kaam ik sa no en dan yn de soos, meastentiids legaal mei de film foar de prematuere soosgongers op twadde Krystdei en in kear as wat iets minder legaal, op 12, 13 jierrige leeftiid op sneintemiddei. Meastentiids waarden we ûntdutsen en waarden wy op pedagogysk ferantwurde wize nei bûten begelaat. Mar op in dei wurde je 14 jier en binne jo wolkom yn SZDRNZLL. Yn dy tiid kamen wy dêr as der in band wie of sokssawat, de rest fan de tiid wie it net al te drok en stienen wy leaver wat te krinkjespuien op it skoalplein, mar dat waard oars doe't der immen út ús fermidden frege waard om in sit te nimmen yn it soosbestjoer. En wy koene him dêr net fertutearzje litte fansels en sa kamen wy ek op sneintemiddeis sa út en troch yn de soos. It bytsje bûsjild waard omsetten yn kola fansels, mar in stikem bierke wie fansels al stoer.

It jier 1985 stie yn it teken fan it 15-jierrich bestean mei in grut feest yn de soos en yn "De Bidler", dy krekt safier hinne klear wie dat der eveneminten plak fine koene. En in evenemint wie it..... in optreden fan de "one and only Rock & Rolljunkie" Herman Brood & his Wild Romance. It wie net allinnich foar Wergea en de soos yn 't bysûnder in memorabel barren, mar ek foar, neffens Wikipedia, "De belichaming van het hedonistische seks, drugs & Rock 'n Roll", Herman Brood in bjusterbaarlik barren. Optrede yn in "tsjerke" wie foar him ek sa goed as nij (poptempel Paradiso yn Amsterdam is ek in âld tsjerkegebou fansels) en dat it him wat die, waard wol dúdlik út it feit dat hy in krús sloech en nei de show noch in tagift joech, wat hy normaliter net faak die. (Sa as Frieda hjir de foarige moanne al neamde, der stiet in moaie sfearympresje oer dit optreden op Youtube).

**Moanneblêd
foar
Wergea
Warstiens
Eagum**



Autobedrijf Rinsema

Uw auto, mijn passie!

Graag tot ziens bij autobedrijf Rinsema!

De Midsbuorren 30
9003 LB Warten
Info@autobedrijfrinsema.nl
www.autobedrijfrinsema.nl
06 - 4991 3991



MANNING

Uitvaartzorg

*Uw uitvaartverzorgers
uit de regio, ongeacht
uw verzekering of lidmaatschap*

Manning Uitvaartzorg
Spûkefeartstrjitte 2 A
9005 MD Wergea

058 - 844 83 65
manninguitvaartzorg.nl
info@manninguitvaartzorg.nl



Greste Mar 2
9005 XJ Wergea
tel: 058-2895458
info@dierenpensionvasco.nl
www.dierenpensionvasco.nl

Dierenpension Vasco zorgt voor professionele opvang voor uw hond of kat tijdens,

- Vakantie
- Werk (dagopvang)
- Langdurig verblijf
- Dagje uit

Ook hebben wij,

- uitlaat service
- Thuis verzorging huisdier

Vraag naar de mogelijkheden of kijk op onze website



Fanôf die tiid kin ik mysels wol in notoare soosgonger neame en waard SZDRNZLL, lykas it foar in hiel protte west hat, myn twadde hûs. It skoalplein lieten wy foar de "lytskes" en ús plak om ôf te praten waard de soos. Mar it wie fansels mear as dat, ynearsten in plak om mekoar te moetsjen, in bierke te drinken en efkes fuort fan de deistige drokte fan skoalle en/of wurk, mar ek waard it in útfalsbasis foar bygelyks de sneontejûn as we op stap moasten nei Grou, Ljouwert of ien of oar doarps-/tintefeest. Mar ek nei in wykein fuort nei ien of oar kampioenskip hurdriden op Thialf of sokssawat wie de soos fakentiids de einbestimming.

Mar it wichtichste wie wat der yn de soos gebeurde en dan doel ik foaral op de talloaze bands dy't der spile ha. Yn de 80er jierren tilde it op fan de bandsjes yn Fryslân, ek wol de "Friese Bries" neamd. Neist de Wergeaster Jeugdsoos wiene der tal fan plakken yn Fryslân dêr 't dizze bands harren keunsten fertoane koene en Omrop Fryslân hie in jongerenprogramma (Radio 18) mei in protte oandacht foar de Fryske muzykscène.

Myn earste oansprekkende band dy't ik sjoen ha yn de soos, alteast sa't my yn it sin komt is "Kobus Gaat Naar Appelscha". Dizze Punkpopband stie garant foar in optreden dêr't noch lang oer neipraat wurde. Net allinnich in spetterjende show, dêr't foaral de bassist Jankobus Seuninga opfoel troch as oeraktyf slangeminske oer it poadium te daverjen, mei as spesjaliteit gekke bekken lûke. Om de boel noch wat op te fleurjen hie "Kobus" as moade om nuveraardichheden de seal yn te goaien. Ik kin my yntinke dat it doetiidske bestjoer der in protte wurk fan hân hat om de wite beanen yn tomatensaus en cornflakes út de naden fan dy âld houten flier te skrobjen! In alderheislikste gesellige binde om samar te sizzen.

Tip foar de leafhawwer: alle elpee's fan K.g.n.A stean sûnt ôfrûne moanne op Spotify. Neidat Kobus yn 1989 stoppe wie kaam Pigmeat op it aljemint. Dit duo mei Sytse Haaïma en Jankobus Seuninga, beide út Kobus, kamen mei feestende folkrock op meastentiids gitaar en kuttepyl. Ek hiene dizze hearen materiaal by harren om de feestwille wat te fergrutsjen lykas rolslingers, cornflakes ensafuorthinne. In band dy't ek foar in part út Kobus kaam (de sjonger en de drummer) wie "Trio Hell" mei Eric Ennema, bekend fan Omrop Fryslân. Safier't ik it my yn 't sin bringe kin hat dizze band 1 kear yn de soos spile. Om't de sjonger dy jûn net koe, wie Trio Hell in duo. It wie perfoarst net drok die soosjûn en ûndanks goeie Countryrock fan beide hearen, wiene de taskôgers mar min fan de kruk te krijen, wêrtroch't sjonger/gitarist Ennema sei: as jimme net by ús komme, dan komme wy wol by jim! En gie hy mei gitaar op de bar sitten en de drummer mei syn snaredrumke oan de bar. Sa waard dat in bysûnder smûk optreden mei in protte ynteraksje en wille. Ek de Fryske willepunkband Strawelte stiet my noch helder foar de geast. De Mem fan Doutzen wie noch net yn byld, mar wol in moai soad oare nûmers, lykas: Hagelslach & Sûpenbrij, Henkie Nobach, Lekke bân, Punker, ensfh..... Ik wie fan.

"De Bildtse storm" wiene 3 bands út de Bilthoeke. Wat ik der noch fan wit is dat topkeatser Joop (as ik sels al niet weet waar die bal komt, hoe salstou dat dan wête) Bierma, gitarist wie by ien fan dy bands. Achter op it poadium stie in grutte ventilator en wy tochten dat se dy sa út en troch ris oan sette soene om de "storm" wat kracht by te setten, mar sa wie it net. Pas mei de lêste band en neffens my it lêste nûmer waard hy oan setten en tal fan jiskepûden mei krantesnippers (nei alle gedachten De Bildtse Post!?) waarden efter de ventilator leech smiten, mei in grutte "sniestoarm" ta gefolch. Mear as in jier letter fûnen wy de snippers noch... Der hawwe 2 bandsjes west dy't it twadde part fan hun show net spile ha. Fan de iene band kaam de frontman yn de pauze by ús mei de fraach oft der ek in drummer yn de seal wie, want harren drummer wie troch it effekt fan ien oft oar roes- en genotmiddel net mear by steat om it linker en rjochter drumstokje útmekoar te hâlden, lit stean in stokje op it goede momint op it goede fel of bekken delkomme te litten. De oare band wie krekt útein set en koe noch wol wat oeren yn de oefenromte brûke. Yn de pauze krigen se it slúfke mei it bedrach lykas ôfpraat, mei de útnûging om de boel mar yn te pakken en by ús oan de bar te kommen om in bierke te drinken. En, it wie noch lang gesellich....

Trochdat in Wergeaster jongkeardel syn tsjinstplicht ferfulde, kaam hy yn de kunde mei de Amsterdamse Cees Spoelder. Cees wie drummer yn de Nederpopband "Van Vollenhoven". Om in lang ferhaal koart te meitsjen, it kontakt waard lein en in skoft letter stie dizze Amsterdamse formaasje yn SZDRNZLL op 'e planken. De publike belangstelling wie net grut en bestie ynklusyf it bestjoer út heechút 20 persoanen. Mar al gau hie dizze band it publyk yn 'e besnijing mei flotte nûmers, in bulte enerzjy en stie eltsenien op 'e dûnsflier. Eltsenien? Hear ik jo tinken..... ja, sels ik kaam fan de kruk. Wat noch mear bysûnder wie, wie dat der oer dizze jûn in ynstjoerd stik yn de Ljouwerter Krante kaam de wike dernei, weryn't it memorabele fan dit barren waard beskreaun. 1 nuveraardich detail is dat net ien wit wa't de ynstjoerder, in sekere Deelstra, wie en ek nimmen fan de oanwêzigen hat in persoan sjoen dy't dyselde Deelstra wêze koe.

Mar hawar, it entûsjasme wie sa grut, dat Van Vollenhoven nei in healjier wer komme soe, mei de hoop dat der dan dochs wol in man of 100 publyk wêze soe. Ik ha se net teld, mar it wiene der rom mear as 100, sterker noch, it wie sa drok dat we hast ombeurten sykhelje moasten. Mar wer in spektakulêre show en in entûsjast publyk. Al wie der wat opskuor doe't it buske fan de band fol mei reek en dus yn 'e brân stie. Doe't de brânblusser leech wie, wie de brânwacht ek teplak en dy konkludearre dat de brânblusser syn wurk goed dien hie. Mar eins wisten wy ek wol dat dy brânblussers goed wurk leverden, om 't dat in jier of wat dêrfoar al besocht wie troch de barbecue op twadde krystdei dermei út te meitsjen, mei as gefolch..... de barbecue wie út en de soos leech..... mar ik dwaal alwer ôf.





Roersma Transport & Handelsonderneming

ú service is jo gemak!

**VERHUUR
SERVICE**

Kijk voor het volledige aanbod op:
WWW.ROERSMAVERHUUR.NL

TRANSPORT:

- Walking Floors (schuifvloer) voor losgestorte goederen GMP+ gecertificeerd (diervoeders)
- Oplegger met schuifzeilen en kooiaap / meeneemheftruck voor pallets en Big bags
- Oplegger met laadklep voor pallets



VERHUUR/VERKOOP:



Huifaanhanger tot 750 kg



Enkelas aanhanger bakwagen



Plateauwagen/auto-ambulance tot 2700 kg



Uw AdBlue leverancier



Steenknipper



Steigers en ladders ACS-groep



Fricoweg 1A, 9005 PC Wergea, tel: 06 - 523 188 82 of 06 - 526 912 20, p.roersma6@chello.nl

AANGESLOTEN BIJ



ALLES OP HET GEBIED VAN

AANBOUW EN VERBOUW

WIJ WERKEN ONDER HET BOUWGARANT KEURMERK, DAT BETEKENT VOOR U DE VOLGENDE ZEKERHEDEN:

- ☑ DE JUISTE DIPLOMA'S EN VERZEKERINGEN
- ☑ AANTOONBARE ERVARING
- ☑ DUIDELIJKE AFSPRAKEN EN GARANTIE
- ☑ KWALITEIT CONTROLES
- ☑ UITGEBREIDE KLACHTENREGELING
- ☑ GESCHILLENCOMMISSIE

HARTMANS
BOUWBEDRIJF

Wartensterdyk 3 | 9005 XS Wergea
Tel. 06 - 22 09 17 52 | E-mail: info@hartmansbouwbedrijf.nl

WWW.HARTMANSBOUWBEDRIJF.nl

En sa binne der noch wol talloaze ferhalen oer de bands yn de soos, mar der wie noch wol mear fansels. Simmerdeis waard der faak timmere, ferve en wat al net mear. Meimekoar drok dwaande om de soos te behâlden. As je sa achterom sjogge is it dochs wol moai dat der al mear as 50 jier in jonge generaasje Wergeasters de ferantwurdiging nimt en it foarmekeoar kriget om dit ynstitút draaiende te hâlden.

Mar ik woe it mar by dizze hantaast út myn SZDRNZLL memoires litte.

Mathijs



Jeften

Sa kinne wy moai op eigen fearren fleane

€ 25,00: J.K. en T.A.K.-T.
€ 25,00: L.H. en T.H.-d.B.

Ferhúsberjocht

Neidat ik krapoan myn hiele libben yn Wergea wenne ha, begjin ik oan in nije libbensfase en ha my te wenjen set op de:

Waltawei 8
8635 ML BOAZUM

In nij doarp,
Nije freonen,
In nije start.

Rom Tijsma

(Hjirby siz ik ek alle donateurs- en lidmaatskippen op)



Fan 'e redaksje

De jaarlijkse lintjesregen op de dag voor Koningsdag heeft ook gedruppeld in ons lezersgebied, met zelfs een "druppel" in de Havensbankredactie.

Ijbeltje (Ypie) Kerkstra - Pijl (Wergea)
Hendrik Fridsma (Wergea)
Paule Odete Stephanie Schaap (Eagum)

Van harte gefeliciteerd met de Koninklijke onderscheiding!

Redactie Havensbank

Nieuws over de toekomst van Us Doarpshûs

In de vorige Havensbank hebben wij u geïnformeerd over de toekomst van Us Doarpshûs. Inmiddels zijn twee groepen aan de slag gegaan. De werkgroep huiskamer en de werkgroep beheer.

De werkgroep, die zich ontfermt over de huiskamer, hebben ideeën verzameld. In deze coronatijd is het echter lastig om daadwerkelijk stappen te zetten. Bovendien kan de werkgroep pas concrete veranderingen aanbrengen in het dorpshuis nadat het contract met de pachters is stopgezet. Dat zal na de zomervakantie het geval zijn. De werkgroep gaat direct aan de slag zodra dat mogelijk is. De werkgroep verwacht dat de huiskamer per 1 september kan gaan starten. We houden u op de hoogte.

De werkgroep beheer Us Doarpshûs is gestart met het benaderen van de diverse gebruikers en gaat met alle gebruikers in gesprek. Doel van deze gesprekken is om een beeld te krijgen wat de wensen zijn: Wat is er nodig, hoe kijkt men aan tegen zelfvoorzienend zijn, wat heeft iedereen nodig, wat dient er uitbesteed te worden, en is het ook mogelijk om volledig te draaien op vrijwilligers. Op basis van die inventarisatie kan er een model worden uitgewerkt.

We hebben er alle vertrouwen in dat we met elkaar het dorpshuis open kunnen houden. Vrijwilligers bieden zich aan, gebruikers staan open voor de verschillende varianten en hebben zeer praktische suggesties en ideeën. Het is mooi dat het leeft in het dorp en dat een ieder de schouders er onder zet. Prachtig!







We houden u op de hoogte van de ontwikkelingen. Suggesties, ideeën, vrijwilligers blijven welkom. Schroom niet om contact met ons op te nemen! Ook mensen die als beheerder willen optreden, vragen wij contact met ons op te nemen.

Hartelijke groet, Lydia van Santen, Homme de Jong, Marjan Houkes




Klusbedrijf W. Bethlehem


Voor al uw werkzaamheden

-  Timmerwerk en verbouwingen
-  Schilderwerk en beglazing
-  Onderhoud en renovatie
-  Dak- en zinkwerk
-  Tuinwerk, bestrating en grondverzet
-  Rioolproblemen


Hilleburen 26
9005 PV Wergea

Werkplaats:
Fricoweg 3F
9005 PC Wergea

 06 - 22372881

 058 - 2552601

 www.klusbedrijf-bethlehem.nl

 w.bethlehem9@chello.nl

Aangesloten bij de VLOK, vereniging van klussenbedrijven



FolieReclame

Reclamebelettering



Folie Reclame: tel: 06 - 173 863 11 - www.foliereclame.nl

De Turfskipper 14, 9005 RH Wergea, info@foliereclame.nl



Duidelijkheid

De gemeente Leeuwarden heeft onlangs informatie rondgestuurd met de plannen voor de Kooi Strawei. Boven deze brief stond het logo van de gemeente en daarnaast het Logo van Perspektyf. Omdat Perspektyf niet heeft meegewerkt aan dit plan is er, door onwetendheid, ten onrechte gebruik gemaakt van het logo.

Inmiddels is er contact geweest en hebben wij onze werkwijze kunnen toelichten. De rol die Perspektyf hierin heeft gehad is een bemiddelende.

Wij hebben de gemeente met de commissies 'Groen en Verkeer' in contact gebracht. Ere wie ere toekomt. Elke werkgroep heeft eigen deskundigheid en autonomieit. Het zijn dan ook deze werkgroepen die de eer verdienen.

Logo en Naamgebruik

De verwarring is wel te begrijpen omdat het anders is en we allemaal Perspektyf zijn. Voor de helderheid, ieder handelt vanuit eigen kracht en kan niet namens Perspektyf spreken. Ook voor clubs, verenigingen en individuen, die een initiatief in Wergea willen realiseren, geldt:

Spreek namens jezelf, niet namens Perspektyf en maak geen gebruik van het logo.

Ook al is het nog zo'n goed plan, als het onder de Perspektyf vlag wordt gehangen kan Perspektyf niet meer neutraal en voor iedereen zijn, ook voor degene met een andere mening.

Verzoek

Er komen vaak mails binnen. Soms is het duidelijk naar wie deze informatie doorgestuurd kan worden, maar ook vaak niet.

De vraag is wil je informatie ontvangen stuur dan een mail met het gebied waar je belang bij hebt naar perspektyfwergea@gmail.com. Wij zorgen dat de mail naar je toekomt.

De eerstvolgende Netwerkbijeenkomst zal zijn op 10 juni. Gezien de situatie is het nu nog niet mogelijk om plaats en tijd te vermelden. We houden jullie op de hoogte. Grote wens is dat we elkaar dan weer kunnen ontmoeten.

Groet, perspektyfwergea@gmail.com

Ps.

Om op de hoogte te blijven van gemeentelijke zaken, zoals vergunningen, raadsbesluiten en ruimtelijke plannen, kijk op

<https://leeuwarden.nl/nl/publicaties-bekendmakingen-en-lokale-regelgeving-0>

Hier kunt u zelf de informatie ophalen.



Bidlerpraat

15 Mei zou de dag zijn dat de jaarlijkse rommelmarkt zou plaatsvinden rondom de Bidler en doordat er versoepelingen in het verschiep liggen, was de organisatie hoopvol gestemd dat dit evenement doorgang zou kunnen vinden.

Maar gezien de huidige Covid 19 omstandigheden en de (korte termijn) verwachtingen daaromtrent, is het nog niet mogelijk om een dergelijk evenement te organiseren in deze periode. Maar we willen wel proberen dat we dit jaar toch nog een rommelmarkt kunnen laten plaatsvinden en wel in september. Uiteraard is dit onder voorbehoud. Als een en ander concreet is zal dit zo snel als mogelijk naar buiten toe gecommuniceerd worden.

Wij hopen dat uw opslagcapaciteit toereikend is om de goederen die u zou willen doneren aan de Bidler nog even iets langer op te kunnen slaan. Onlangs ontvingen wij een bijzonder aardig briefje én €20,- van een dorpsgenoot. Deze familie had een minirommelmarkt gehouden in eigen garage en de opbrengst aan de Bidler geschonken. Een fantastisch initiatief en bij deze onze hartelijke dank!

Op activiteitengebied in de Bidler is het vanzelfsprekend ook rustig, maar voor het najaar, waar we hopelijk steeds meer terug kunnen naar het "oude normaal" loopt de agenda alweer aardig vol. Echter op dit moment en de afgelopen tijd zaten het bestuur en enkele vrijwilligers niet stil en is er hard gewerkt aan het schoonmaken, repareren en schilderen van alles boven de 2.5 meter boven de begane grond. Wederom een hels karwei, maar met een fantastisch resultaat. Om er maar eens een Cruiffiaans gezegde erin te gooien: "elk nadeel heb z'n voordeel". Natuurlijk hadden ook wij liever gezien dat deze verschrikkelijke pandemie, die wereldwijd veel verdriet en ellende heeft veroorzaakt er nooit was geweest, maar heeft wel de mogelijkheid gecreëerd om dit soort klussen groots aan te kunnen pakken.

In een latere Havensbank, meer over deze werkzaamheden.

Oant sjen yn 'e Bidler!

Mathijs





Rethro

Uniek op maat

Gespecialiseerd in:

- Interieurbouw
- Authentieke houtbouw
- Houten vloeren
- Tuinmeubilair
- Renovatie

Rethro interieurbouw

www.rethro.nl | info@rethro.nl | tel: 06 15602127
Reinder Tholen | Buorren 1 | 9004 XW Warstiens



Welkom bij Fysiotherapie Smith

- Fysiotherapie
- Manuele therapie
- Medische fitness
- Reguliere fitnesstraining

Fysiotherapie Smith kiest voor therapieën die voldoen aan hoge kwaliteitseisen en zich in de loop van de tijd hebben bewezen. Onze fysiotherapeuten staan voor u klaar voor deskundig advies en behandelingen.

Afspraak maken?

Locatie Garyp
De Tuije 3a
0511 - 52 18 02

Locatie Opende
Dr. Siebingasingel 115
0511 - 52 18 02

Locatie Warga
Kerkbuurt 4
058 - 25 51 885

info@fysiotherapiesmith.nl



de Fysiotherapeut

Fysiotherapie Smith

www.fysiotherapiesmith.nl

FLOED

In bysûndere teäterbelibbing by it Woudagemaal

De nije foarstelling FLOED is de kroan op it 100-jierrich bestean fan it Ir. D.F. Woudagemaal op 'e Lemmer. Stichting de Noorder Smederij bringt de foarstelling coronaproof yn septimber/oktober fan dit jier en hat wer deselde basis as hoe't de foarstelling 'Tusken Twa Tuorren' ta stân kaam is. We kinne hast wol sizze dat dizze produksje in Wergeaster produksje wurdt om't der in grut oantal Wergeasters oan ferbûn binne. Yn it kernteam, rezjy, spilers, produksje, muzyk, klean, lokaasje, catering en bou.

It ferhaal fan FLOED

It Woudagemaal op 'e Lemmer fertelt al mear as hûndert jier ferhalen. Mar ien ferhaal is noch altyd net ferteld. It ferhaal fan Mare en Gula, it wetter en it gemaal.

Mare hat mar ien grutte leafde yn har libben, it wetter. Dy leafde feroaret yn in einleaze langstme nei wetter, nei mear wetter. As Mare by it Iselmar leafdesbrieven oan it wetter skriuwt, beslút Gula om it Woudagemaal út har sliep te heljen. It wetter foar it gemaal komt driigjend omheech. It gemaal begjint hieltyd hurder te draaien, mar sil it op 'e tiid wêze om Mare te rêden?

Ir. D.F. Woudagemaal

Spesjaal foar dit jubileum biedt Wetterskip Fryslân it UNESCO Wrâlderfguod oan as poadium foar dizze Frysktalige teäterproduksje. It Woudagemaal, eigendom fan Wetterskip Fryslân, is it grutste noch wurkjende stoomgemaal fan 'e wrâld. It stoomgemaal waard yn 1998 op 'e UNESCO Wrâlderfguodlist pleatst. By ekstreem heech wetter soarget it gemaal noch altyd foar drûge fuotten yn Fryslân. Keninginne Wilhelmina iepene it Woudagemaal mear as hûndert jier lyn, op 7 oktober 1920. In unyk gebou op in unike lokaasje en noch altyd funksjonearjend yn in tige aktuele kontekst: de striid tsjin it wetter.

Spyldata en kaartferkeap

Spyldata: 17 septimber o/m 2 oktober 2021.

Bestel no alfêst kaarten en sjoch foar mear ynformaasje op: www.floed.nl.

Team Floed,
Theo Smedes, Evert Bossema,
Sicco de Ree, Ypie Kerkstra-Pijl



Team Floed f.l.n.r. Ypie, Theo en Sicco. Evert ûntbrekt op de foto

Tonnen actie

In de Havensbank van februari j.l. hebben wij jullie geïnformeerd over de regenton actie in Wergea.

Hierbij willen we jullie er even aan herinneren dat de actie nog loopt t/m 31 mei 2021.

Tot op heden zijn er 75 regentonnen afgeleverd op diverse adressen in ons dorp, waarvan 51 houten regentonnen.

Geweldig dat er al zoveel tonnen zijn aangeschaft!

Wanneer je nog geïnteresseerd bent en de flyer hebt gemist of per ongeluk in de papiercontainer hebt gegooid dan heeft Hoyte v.d. Wal nog flyers of even een telefoontje naar 0616332034 en dan zorgen wij ervoor dat je (alsnog) een folder krijgt.

Jelle Sinnema en Jitske Reinsma





LOEK'S SCHILDERSBEDRIJF

Binnen en buitenwerk Wandafwerking Houtrot reparatie

www.loeksschildersbedrijf.nl 06 285 75193



Ook niet onsterfelijk? Regel dan je uitvaart in vertrouwde omgeving!

Regel uw afscheid in eigen dorp en kies voor de uitvaartvereniging "De Laatste Eer Wergea – Warstiens". In de beginjaren van de vereniging deed men aan "rou en trou yn eigen doarp". Het was de burenplicht om de overledene naar zijn of haar rustplaats te brengen. Tegenwoordig is er veel veranderd.

De Laatste Eer heeft haar beleid aangepast zonder de basis van het oude "rou en trou" weg te gooien. De vereniging heeft vertrouwde personen ter beschikking die onze leden kunnen bijstaan om een persoonlijke uitvaart te regelen. U kunt daarvoor ook een beroep doen op aflegsters en dragers uit eigen dorp.

Mocht u nog geen lid zijn van onze vereniging dan is er de mogelijkheid om donatielid te worden. Dit geeft u meerdere voordelen. Zie onze informatie op website www.wergea.com of zend een mail.

De vereniging is aangesloten bij de Federatie Uitvaartverenigingen in Friesland. Alle hierbij aangesloten verenigingen verzorgen uitvaarten zonder winsttoegmerk.

Voor contact met onze vereniging De Laatste Eer via het mailadres: delaatsteeer@wergea.com of de secretaris mevr. I. Hoogwater, 058 – 255 2437.

Mevr. Anna Bijlsma van Uitvaartzorg Bijlsma is onze bode. Tel. 06 - 1033 0337 en mailadres: info@uitvaartzorgbijlsma.nl

'ELTS MINSKE IS OARS
ELTS OFSKIE IS OARS'

KEURMERK
ALFONSLIJKE UITVAART

Uitvaartzorg
Bijlsma

Anna Bijlsma
06 10 33 03 37
dag en nacht bereikbaar

www.uitvaartzorgbijlsma.nl

YPMA
Heftruckservice
Wergea

Verkoop - Reparatie - Onderhoud & Keuring
van alle merken vorkheftrucks en magazijntrucks

www.ypmaheftruckservice.nl

Henk Ypma, Tel. 06 - 443 200 28
Email: info@ypmaheftruckservice.nl



Op zoek naar een fijne en goede tandarts in de buurt?

Bij de HuysTandarts in Grou vind je persoonlijke aandacht en een vertrouwelijke sfeer. Een tandarts die je op je gemak stelt én die goed uit kan leggen wat voor jouw gebit het beste is. Van jong tot oud: we zijn er voor het hele gezin.

Meester PJ Troelstrawei 6, 9001CV Grou | www.dehuystandarts.nl | 0566 74 50 50



Een eerste verkenning: kunnen we van Wergea een BLOEIZONE maken?

De werkgroep Mienskip onderzoekt o.a. hoe we het in Wergea voor jong en oud zo leuk en zo goed mogelijk met elkaar kunnen hebben. Tijdens de laatste vergaderingen kwam het thema **BLOEIZONE** steeds vaker aan de orde. In de media horen we van gebieden in de wereld waar mensen veel ouder worden dan gemiddeld. Deze gebieden worden BLUE zones genoemd. Ze komen voor in Japan, Californië, Italië, Costa Rica, Griekenland en Zweden. Er is onderzoek gedaan (door Michel Poulain en Dan Buettner) waarom men juist hier zoveel ouder wordt dan gemiddeld. *Het geluk blijkt in gewone dingen te zitten*, zoals: actief burgerschap, een gezonde omgeving, actief ontspannen, gezonde mobiliteit en een gezonde voeding. De mensen bewegen er meer in het dagelijkse leven, ze eten gezonder met minder calorieën, minder vlees, hebben een doel in het leven, hebben weinig stress en onderhouden hechte banden met de familie en de gemeenschap. De onderzoekers vroegen zich af *“als mensen ergens ter wereld door toevallige, gunstige omstandigheden in goede gezondheid oud kunnen worden, kunnen we de omstandigheden dan niet zelf creëren?”* Dit is opgepakt door de provincie Friesland en de mensen van HANNN, Healthy Ageing Network Northern Netherlands. Zij geven aan gezond ouder worden duurt een leven lang en begint niet na je 65 ste. Hier zijn we het als werkgroep Mienskip natuurlijk mee eens. Ondertussen is de term blue zone een beschermde merknaam geworden. De provincie Friesland heeft de blue zone in haar bestuursakkoord genoemd en heeft aan HANNN gevraagd om er een plan voor uit te werken. De gedachte is dat een blue zone aanpak een oplossing kan bieden op het gebied van gezondheid en leefbaarheid. BLOEIZONE Fryslân steunt op de principes die hierboven genoemd zijn, maar wil geen kopie zijn van bestaande blue zones, maar een eigen Friese versie ontwikkelen. Eind 2023 hoopt men dat men in minimaal 15 gemeenten een lokale BLOEIZONE heeft. Initiatieven vanuit de lokale gemeenschap, dus van onderop, moeten zorgen voor een breed draagvlak. Het is effectiever gebleken als er mensen uit de eigen gemeenschap bij betrokken zijn. De rol van HANNN is: energie toevoegen op het juiste moment en helpen bij organisatie of lobbywerk. Er zijn inmiddels een aantal dorpen die zich aangemeld hebben als Bloeizones zoals Bakkeveen, Heeg, Eastermar, Sint Nyk. Over Bakkeveen hebben we al een aantal keren een artikel in de LC kunnen lezen. Ook was er een documentaire op de TV. Voor de periode 2019-2029 wordt in Bakkeveen gewerkt aan het bewustmaken en het werken aan een gezonde leefstijl voor de inwoners. Hiervoor zijn verschillende werkgroepen opgericht, die activiteiten voor het hele dorp organiseren. Er is aandacht voor goed slapen, gezonde voeding, mogelijkheden voor zingeving, ontspanning, wonen in een prettige leefomgeving en mogelijkheden voor sociaal contact. Op hun site staan regelmatig gezonde recepten. Er staat ook een informatieve film op van Omrop Fryslân over de BLOEIZONE.

Bouwe de Boer van de werkgroep BLOEIZONE Fryslân geeft aan “ Fryslân is al goed op wei mei BLOEIZONE, mar no krijt it ek un status. Dat jout romte om de goeie saken yn it sintsje to setten. It helpt om in protte Friezen no mei te krijen, om nei te tinken en mei te dwaan. ”

In Wergea is er al heel veel, wat onder 1 van de principes valt. We willen dit nog verder in kaart brengen. In de werkgroep Mienskip hebben we het gevoel dat een verdere verkenning of om een BLOEIZONE te worden zeker de moeite waard is. Elk dorp kan zijn gelukkig zijn eigen accenten hieraan geven.

Het zijn de gewone dingen die het doen. Van een workshop koken zonder pakjes met dorpsgenoten (Eastermar) wordt Wietske enthousiast. Ook het plan om in Heeg een voedselbos en voedselhuis te maken, vindt ze geweldig. Margriet wandelt elke maand met dorpsgenoten (nu even een stop ivm Corona) en zo ontdekken ze vlakbij prachtige plekken. Riny heeft al bewust de moestuin uitgebreid. We kennen echt veel meer vrijwilligers die al iets doen. Zitten we als dorp al *in de knop* voor BLOEIZONE? Wellicht kunnen we als dorpsbewoners nog bewuster werken aan het creëren van een gunstige omstandigheden om ouder te worden. Wat zwakkere punten kunnen eventueel/mogelijk gericht opgepakt worden of misschien juist de sterke punten door ontwikkelen.

Graag horen we van jullie hoe jullie hierover denken? Kunnen we van Wergea een BLOEIZONE maken? Reacties kunnen naar Wietske, Rinie of Margriet van de werkgroep Mienskip. Mocht je mee willen doen aan een verdere verkenning dan kun je je bij een van deze werkgroepleden opgeven. Een eerste contact hebben we gehad met HANNN. Het HANNN doet inmiddels onderzoek naar meer geografische gegevens van Wergea en omstreken. We houden jullie op de hoogte.

Wietske Sinnema (wietske.sinnema@hotmail.nl)
Rinie Boermans (rinieboermans@gmail.com)
Margriet Groenwold (margrietgroenwold@gmail.com)

Zie ook: www.bluezones.com/dan-buettner
www.hann.eu
www.doejemee.nl/bloeizone
[www. bakkeveen.nl/bloeizone](http://www.bakkeveen.nl/bloeizone)



logo's
 hulsstijlen
 infopanelen
 beurspanelen
 magazines
 boeken
 folders
 brochures
 nieuwsbrieven
 advertenties
 buitenreclame
 webdesign
 advies

Portfolio

twirre
 ONTWERPT
 geeft vorm aan uw communicatie

Wergea: Leeuwarderweg 34
 Aldeboarn: Westein 2
 info@twirreontwerpt.nl
 www.twirreontwerpt.nl

